

I.F.A.T.
It Frysk Amateur Toaniel



Oprjochte 24 july 1953 troch
BFT - FBOU - IT SELSKIP

JIERFERSLACH & JIERREKKEN 2015

Juny 2016



FOAROPWURD

“Stifting It Frysk Amateur Toaniel”

Neffens de dêrfan opmakke stiftingsakte fan 30 desimber 1959 waard de “Stifting It Frysk Amateur Toaniel”, tenei neamd IFAT, oprjochte op 24 july 1953 troch 3 Frysktalige organisaasjes, te witten:

- a. Boun Fryske Toanielselskippen *)
- b. Frysk Boun om Utens
- c. Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse fan 1844

*) It BFT is yn 2001 opgien yn STAF en is no doelgroep BFT selskippen – dg BFT selskippen

De haadreden fan it oprjochtsjen fan IFAT is it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn as bûten de provinsje Fryslân, dy’t ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs.

IFAT besiket dat doel nei te stribjen troch it stypjen fan toanielkrigen, fan stúdzjedagen en stúdzjewykeinen, fan karmasterskursussen, fan kursussen beljochting, dekorbou en oare toanielomballingen, rezjykursussen en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal. Mei it Foarlêsprojekt wurdt ek omtinken jûn oan meartaligens, benammen it Stellingwerfs en it Bildts.

De wurkfjilden fan IFAT lizze oer hiel Nederlân ferspraat.

Subsydzje

De provinsje Fryslân stipet it wurk fan IFAT en it Foarlêsprojekt.

Foar it Foarlêsprojekt kriget IFAT ek subsydzje fan de gemeente Ljouwert.

IFAT is tige wiis mei de bydragen.

I F A T : De takomst fan it Frysk binne wy sels!

<p style="text-align: center;">Stiftingsbestjoer – Earelid – Sekretariaat en Ynformaasje Toanielboekerij – StUFT – WA / Transportfersekering - BSF</p>

Op 1 jannewaris 2015 wie IFAT bestjoer sa gearstald:

- Foarsitter: Mefrou G. J. Frieswijk, Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam
0513-632989
fertsjintwurdiger fan STAF/dg. BFTselskippen
Yn bestjoer 7 july 1984, 9 desimber 1989 yn funksje foarsitter
- Skriuwer: Hear K. Kuipers, Willem Loadewykstrjitte 115, 8933 BL Ljouwert
058-2125383
fertsjintwurdiger Selskip Fryske Tael en Skriftekennisse
Yn bestjoer 27 febrewaris 1993, 2 oktober 1999 yn funksje skriuwer
- Skathâlder: Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld
0511-431207
fertsjintwurdiger Selskip Fryske Tael en Skriftekennisse
Yn bestjoer 6 juny 2009, 7 desimber 2013 yn funksje skathâlder
- Lid: Hear A. de Jong, Paardebloemweide 37, 3448 TL Woerden
0348 - 460590
fertsjintwurdiger fan Frysk Boun om Utens
Yn bestjoer 28 april 2012
- Lid: Hear J. Wesselius, Otterwei 38, 8538 XE Bantegea
0514-551505 of 06-13303274
fertsjintwurdiger fan STAF/dg. BFTselskippen
Yn bestjoer 20 septimber 2014
- Lid: Hear H. Dijk, Zonneweide 10, 2411 LJ Bodegraven
0172 – 613143
fertsjintwurdiger fan Frysk Boun om Utens
Yn bestjoer 15 febrewaris 2014
- Earelid: Hear P. de Groot, Romke van Damwei 4, 8406 EL De Tynje
Eardere skathâlder / administrateur Ifat, op 29 juny 2014

**Sekretariaat IFAT: Willem Loadewykstrjitte 115, 8933 BL Ljouwert
058 – 2125383 e-post: k.kuipers1938@kpnmail.nl
Bankrekkennûmer NL16 RABO 0322 9458 44
RSIN / fiskaal nûmer ANBI 819 465 963**

YNFORMAASJE

Toanielboekerij

Yn in gearwurkingsferbân (IFAT en STAF / doelgroep BFT selskippen) wurdt sûnt 1985 soarge, dat der in sa folslein mooglike biblioteek fan eardere Frysktalige toanielstikken oanfold en tagonklik makke wurdt foar elts dy't niget oan toaniel hat.

De behearder soarget foar it yn stân hâlden en oanfoljen fan de boekerij, soarget foar it systeem en de katalogus.

By de behearder kinne selskippen ynformaasje freegje oer hokker stikken yn de boekerij oanwêzich binne en kinne stikken op besjen oanfrege wurde.

Foar fierdere ynformaasje sjoch taheakke bylage.

Behearder Toanielboekerij:

Mefrou T. Pool-Bruinsma, Ds. Carsjenssingel 27, 9216 VV Aldegea
0512 – 775293 e-post: tinekepool@upcmail.nl

StUFT: Foar ynformaasje oer resinte stikken, skilje mei Gerda van der Wijk
058 234 30 80 e-mail: g.vdwijk@afuk.nl .

Woansdei, tongersdei en freed fan 09.30 – 13.00 oere.

Of sykje yn de katalogus, sjoch op de webside fan StUFT: www.stuft.nl

WA / Transportfersekering

Foar alle ferienings, Kriten en selskippen fan de by IFAT oansletten organisaasjes hat IFAT yndertiid in WA/Transportfersekering ôfsletten.

Dizze fersekering hat de ôfrûne jierren al fertuten dien, want ferskate ferienings ha in oprûne skea fergoede krigen.

De ferienings, Kriten en selskippen sille der goed omtinke moatte watfoar weardefol guod op it toaniel set wurdt en fierders foar de oanklaaiing brûkt wurdt.

Want ek hjirfoar jildt: In soad skea kin maklik ta preemjeferheging liede.

De oansletten organisaasjes betelje de preemje neffens it tal leden.

Ynformaasje: Skathâlder Dries Wijbenga.

Bibleteek Service Fryslân

BSF fersoarget mei yngong fan 2014 de útfiering fan de finansjele administraasje fan IFAT. Ek yn 2015 hat BSF de útfiering fan de finansjele administraasje fan IFAT fersoarge.

De gearwurking foldocht oer en wer goed.

De skathâlder ûnderhâldt de kontakten en jierliks hat it DB in oerlis mei de hear Amperse.

Stifting IFAT - Organisaasje en Bestjoer

Fertsjintwurdiging Frysk Boun om Utens

Op de Algemiene Gearkomste FBoU fan sneon 11 april hat Albert de Jong ôfskie naam fan it bestjoer fan it Frysk Boun om Utens en dermei ek fan syn ôffurdiging nei bestjoer IFAT. De nije fertsjintwurdiger fan it FboU is mefrou Pietie Westdijk – Kaastra fan Houten. Mefrou Westdijk hat har earste gearkomste fan bestjoer IFAT bywenne op 29 maaie.

Sykte fan de skriuwer

Skriuwer IFAT Kees Kuipers hat in skoft út stel west fanwege sykte.

Nei in operaasje is hy ridlik gau wer by de wâl opklautere, mar hy koe in skoft syn funksje net útoefenje.

Yn dy tiid hat it DB in soad stipe hân fan mefrou Tineke Hoekstra, fertsjintwurdiger fan StUFT.

Stifting Utjouwerij Frysk Toaniel

Yn eardere jierferslagen waard ynformearre oer de gong fan saken oangeande it Kolleezje fan advys en it opheffen fan dat Kolleezje. Yn it kolleezje hiene fiif toanielorganisaasjes in sit:

FRATS (*Fryske Amateur Teaterskoalle*), StUFT (*Stichting Utjouwerij Frysk Toaniel*),

IFAT (*It Frysk Amateur Toaniel*), Tryater (*Frysk berops teaterselskip*)

en STAF (*Stichting Amateurtoaniel Fryslân*)

Foar Stuft wie it opheffen fan it Kolleezje in minne saak, hja wiene in ferbân en oerlis / gearwurkingsfoarm kwyt.

Op fersyk fan Stuft nimme ôffurdigers diel oan de gearkomsten fan bestjoer IFAT:

Hear P. Renia, foarsitter Stuft en mefrou T. Hoekstra, koördinaasje lêskommisje en byhâlder list oersetters. Ferfanger: Mefrou A.M. Gaikema

Bestjoersgearkomsten fan Stifting IFAT

IFAT bestjoer kaam yn 2015 trije kear byelkoar en wol op 28 maart, 29 maaie, en 28 novimber.

It deistich bestjoer hat oerlis hân op 17 juny, 14 septimber en 18 novimber.

Bestjoersgearkomsten IFAT mienskiplik mei fertsjintwurdigers fan StUFT

Underwerpen fan besprek wiene:

- It wurk fan de oansletten organisaasjes en Stuft
- Skathâldersoerlis oansletten organisaasjes
- Organisaasjes en IFAT ynventarisasje knyppunten
- Petear mei deputearre mefrou Sietske Poepjes (14 sept. en 18 nov.)
- Toanielboekerij IFAT / STAF
- Jierferslach, jierrekken 2014

- Produkteplan / Begrutting IFAT 2016
- Produkteplan / Begrutting Foarlêsprjekt 2016
- Fuortgong Provinsje / oerlis amtners 26 maaie
- Subsydzje IFAT (Bestjoersôfspraak)
- Subsydzje foar it Foarlêsprjekt
- Gemeente Ljouwert subsydzje foar it Foarlêsprjekt
- Ofskie Albert de Jong
- Ofskie deputearre Jannewietske de Vries – 4 juny
- Ofskie mefrou Tjallien Kalsbeek as kontaktpersoan fan de provinsje – 16 juny
- Nije kontakt persoan provinsje de hear Eildert Duijff
- Subsydzjeregeling Iepen Mienskipfûns fan de Provinsje
- IFAT / STAF petear mei RABObank oer Fersekeringen
- Ynformaasje oer Aksje ‘Plan 23’ fan FBoU
- Kulturele Haadstêd / Nijsbrief
- Yn ‘e kunde komme / oerlis mei Keunstwurk
- Tusken - evaluaasje gearwurking IFAT - StUFT
- ANBI status, IFAT is bestjoerlik en finansjeel te finen op de hiemside FBoU
- Jierliks besprek yn it kader fan ‘Goed Bestjoer’ - 23 Oanbefellings
- Roaster fan bestjoer IFAT
- Fersekeringen frijwilligers / bestjoerlike oanspraaklikheid
- Wiksel bestjoerders / fertsjintwurdigers
- Fertsjintwurdigingen
- Jildsaken
- Húshâldlike saken

Skathâldersoerlis

Op woansdei-te-middei 4 novimber 2015 is it Skathâldersoerlis organisearre om meielkoar de wurkwiize fan begrutsjen / ôfreakkenjen en it oanleverjen fan dy gegevens oan IFAT troch te praten.

De administraasje fan IFAT wurdt fersoarge troch BSF (= Bibliotheek Service Fryslân), de nije skathâlders fan de trije organisaasjes fierder ynwurkje en de regeljouwing / betingsten fan de Provinsje besprekke.

Oanwêzich wiene skathâlders / foarsitters fan de oansletten organisaasjes, te witten:

STAF – Ben Flootman,

FboU – Hâns Dijk en Pietie Westdijk – Kaastra,

SELSKIP – Tineke van der Woude

IFAT / SELSKIP – Dries Wijbenga

IFAT – Geeske J. Frieswijk

Punten dy’t oan ‘e oarder kamen wiene:

- Ofreakken 2014
- Foarskot 2015
- Subsydzjebetingsten Provinsje Provinsje m.y.f. 2014
- Hoe ferrint 2015 finansjeel?
- Kollektive fersekering
- Produktplannen / Begruttingen IFAT en Foarlêsprjekt 2016

- Mail Provinsje mefrou Tuit, 14 augustus 2015
- Yn brief 14 july 2015 fan Provinsje stiet ynformaasje oer de yndeksasje fan boekjiersubsydzjes 2016
- Produktplan / Begrutting IFAT 2017

Kontakten mei de “Efterbân”

Op de jiergearkomsten en jubilea fan STAF, FBoU en Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse hat IFAT har jimmeroan fertsjintwurdigje litten troch in bestjoerder. Bygelyks: de Slútjûnen fan STAF yn Drachten, bywenjen fan Algemiene gearkomsten en by ôfskie fan bestjoerders fan oansletten organisaasjes.

Kontakt mei STAF

Op fersyk fan STAF hat DB IFAT in petear hâlden op 19 augustus yn Burgum. It wie in oriëntearjend petear mei (in part) fan bestjoer STAF. It risseltaat wie in hiel breed ferhaal, mar net konkreet mei dúdlike punten. Ofpraat is dat STAF mei in koarte notysje komt oer har sjenswize en har punten konkreet, dúdlik op papier sette sil. Dernei komt d'r in ferfolch petear.

Teaterdei “Dreame sûnder Grinzen”

STAF organisearre op 31 oktober in teaterdei “Dreame sûnder Grinzen“ yn Seisbierrum. In dei fol mei aktiviteiten en workshops, in tige slagge dei om mei te meitsjen yn de mûne de Korenaar.

Fierdere aktiviteiten / fertsjintwurdigingen

Provinsje

“Raad voor Cultuur”

Op 29 jannewaris wie IFAT fertsjintwurdige op de byienkomst fan de Rie foar Kultuer. De Rie foar Kultuer hat útnoege foar in petear oer de kommende beliedsperiode 2017-2020 fan UK&W. Fanút Fryslân is troch de Steaten in reaksje ferstjoerd: “Friese trends naar aanleiding fan de Cultuurverkenning”.

Konsultaasjerûnte “Proces herontwerp aanvraag boekjaarsubsidies” – de hear P. Wieringa

Deputearre Steaten ha ús twa kear útnoege foar in petear oer in nije opset fan de provinsjale subsydzjes, op 25 febrewaris en 24 novimber.

De bedoeling is om it proses fan oanfreegjen / beskikken fan boekjiersubsydzjes te ferienfâldigjen en oanslûte te litten op de systematiek fan it Ryk.

It stribjen is dat ien en oar yngean sil yn 2017.

Jierliks petear mei amtners

Dit jier mei mefrou Kalsbeek, mefrou Tuit, ôfdieling subsydzjesaken en de hear Duijff, nije kontaktpersoan by de provinsje).

Oanlieding is de brief fan de Provinsje, 28 april 2015, Utnûging oanfraach boekjiersubsydzje 2016. Mei de bylagen:

1. Format produktplan
- 2A. Finansjele ynformaasje
- 2B. Finansieringstabel nei produkt

It petear hat plakfûn op 26 maaie. Underwerpen fan petear wiene:
Ferantwurding 2014, stân fan saken rinnende jier 2015, oanfraach 2016.
Produktplannen / begruttingen IFAT 2016 en Foarlêsprjekt.

Eftergrûn subysdzje IFAT - Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer
Fan 1953 oant en mei 2002 krige IFAT lânlike subysdzje, yn de rin fan jierren fia ferskate ministearjes. Op 22 febrewaris 2002 hat IFAT berjocht krigen fan deputearre B. Mulder, dat IFAT opnommen is, mei yngong fan 2002, yn de Tredde Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. De Bestjoersôfspraak is in lânlike ôfspraak fan it Ministearje UK&W en de Provinsje Fryslân om Fryske taal en kultuer te stypjen.
De útfiering fan de Bestjoersôfspraak is dellein by de provinsje Fryslân.
Dizze lânlike subysdzje is foar IFAT wichtich, omdat dit it lânlike karakter fan IFAT ûnderstretet.

Subysdzje Foarlêsprjekt

Ek foar it jier 2016 is wer in Produktplan / begrutting oanlevere mei it fersyk om subysdzje.

Petear mei deputearre mefrou Sietske Poepjes op 14 septimber en 18 novimber

- a. Yn 'e kunde komme petear IFAT mei nije deputearre mefrou Poepjes
14 septimber en ferfolch 18 novimber 2015
- b. Besprek mei kontaktpersoan Provinsje dhr. Duijff 18 novimber.

Petear moandei 14 septimber – yn 'e kunde komme petear

Gearfetting fan it earste petear:

Bekend meitsjen IFAT = It Frysk Amateur Toaniel en de 3 oansletten organisaasjes.
Ynformaasje en besprekke fan IFAT: A4 Algemiene Ynformaasje en Jierferslach Ifat 2014.
Ferbining IFAT - StUFT
StUFT hie hielendal gjin clup mear, die fersyk oan IFAT om oan te slúten by IFAT.
Draait sûnt ferline jier mei yn Ifat bestjoer (proef)
IFAT hat petear hân mei nije direktur Keunstwurk: Ifat as belangenbehertiger fan trije organisaasjes en Stuft. En doe wie it heal oere om.

By mail fan 1 oktober fan de hear Duijff waard IFAT útnoege foar in ferfolch petear op 18 novimber. **Petear woansdei 18 novimber – ferfolch**

Gearfetting fan it twadde petear:

Gedachtewikseling oer:

Frijwilligerswurk, bestjoeren en ferantwurdlikheid drage

It Frijwilligerswurk feroaret, minsken wolle wol dielnimme oan aktiviteiten, Konsumearje, sels genietsje, mar minder ferantwurdlikheid foar it organisearjen of in bestjoersfunksje op har nimme, dat wurdt dreger.
Bestjoeren soargje foar de basis, de ynfrastruktuer.

Wat kinne wy as frijwilligers fan it Koalysjeakkoart ferwachtsje?

“Mei elkenien – foar elkenien”.

Sa as: Mienskippen helpe, fuortsterkje / Ferbiner, gjin bemuoial, mar betrouwen en romte jaan, it weinimmen fan tûkelteamen en soms stipe te jaan sa as it finansieren / Ferminderje tal regels en behinderingen / Frijwilligersakademy – wer in ynstitút optúgje? / Aksjes foar in libjend Frysk eigene, sa as Kultuerdielname- stimulearingsmaatregel toaniel / Mienskipps - fûns? Betrouwen en ferienfâldiging. Wer is it Mienskippsfûns foar?

De deputearre regelet foar ús:

Jurist Provinsje sil útsykje hoe it sit mei bestjoerlike oanspraaklikheid.

De deputearre tinkt, dat soks net nedich is foar IFAT en de 3 organisaasjes.

Wy krije fuort-en-daliks ynformaasje oer Mienskiipsfûns.

Hoe komt it mei de nije nota taal, kultuer en ûnderwiis 2017 - ?

Der komt gjin nije nota, mar in kultuerbrief.

Der komt in evaluaasje fan de âlde nota – Grinzen oer.

Fierders ha wy praten oer de takomst oer 10 jier en gearwurking mei?

Fierdere gearwurking: yn IFAT wurkje de trije organisaasjes en d'r is in gearwurking mei StUFT. Yn IFAT binne alle toaniel - organisaasjes al keppele.

Earder is alris yn Keunstwurk ferbân besocht om mear gear te wurkjen mei bygelyks koaren en korpsen, mar dat wiene dochs aparte takken fan sport.

Wol de Provinsje in oare struktuer, bygelyks de organisaasjes freegje apart subsydzje oan?

Nee, perfoarst net.

Regeljouwing Provinsje oanfreegjen subsydzje

Yn it petear mei dhr. Duijff kaam noch nei foaren:

Regeljouwing Provinsje wurdt ferienfâldige foar oanfreegjen subsydzje / produktplannen

Tenei kin IFAT mei ien oanfraach folstean, ek it Foarlêsprjekt yn opnimme

Der komme wol 2 beskikkingen.

Gemeente Ljouwert

Yn de nije kultuernota fan de gemeente Ljouwert: “ Actualisatie Cultuurvuur – Vlammen in nieuwe tijden “, is ûnder Frysk taalbelied ek wer it Foarlêsprjekt, lêze en foarlêze yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen, foar de kommende 4 jier opnaam.

Sûnt it begjin fan de relaasje fan de gemeente Ljouwert mei ús organisaasje, hat IFAT te meitsjen mei ien fêste amtlike fertsjintwurdiging.

Yn 2015 hat in wikseling fan fertsjintwurdiging by de gemeente plakfûn, mefrou van Berkum hat, nei de gemeentelike weryndieling, in oare funksje krigen.

Mei de nije fertsjintwurdiger mefrou Thijsseling, hat op 17 febrewaris in yn ‘e kunde / ynformaasje petear plak fûn.

De kontakten ferrinne posityf, oer en wer kin wurke wurde mei koarte linen en de ynformaasje fanút IFAT en it Foarlêsprjekt komt sa te plak.

Mei dêrtôch is de gemeente Ljouwert goed op ‘e hichte fan it Foarlêsprjekt.

Pyt van der Zee priis

Freed 13 febrewaris hat de Provinsje de Pyt van der Zee priis útrikt op it Provinsjehûs.

De provinsje rikt de Pyt van der Zee priis ien kear yn de ‘e trije jier út oan in persoan, groep of organisaasje dy’t yn ‘e ôfrûne trije jier fan bûtengewoane betsjutting west hat foar it amateurtoaniel yn Fryslân.

Mefrou de Vries, deputearre fan Kultuer fan de provinsje Fryslân, rikt de priis út oan Bouke Oldenhof.

It tema fan de útrikking is: “Betsjutting fan it amateurtoaniel foar de leefberens yn stêd en doarp” troch Johan van der Zee.

Toanielboekerij IFAT / STAF

Tegearre mei fertsjintwurdigers fan StUft is by mefrou Pool, behearder, op 11 maart de toanielboekerij besjoen. Nei oanlieding fan binne d'r in nije A4 mei ynformaasje en in ynformaasje / ôfstimming mei de StUFT opsteld.

Ofskie deputearre mefrou de Vries

Ek IFAT hat op 4 juny ôfskie naam fan deputearre mefrou de Vries.

Wy ha mar leafst acht jier mei har gearwurke en ha har dan ek fan herte tank sein foar de noflike kontakten.

Keunstwurk

Op 12 augustus hat it DB in yn 'e kunde komme petear hâlden mei de nije direkteur fan Keunstwurk, de hear Zeldenrust.

Punten fan besprek:

Bekend meitsjen IFAT en de trije oansletten organisaasjes. Taljochting op it organogram.

Utwikseling fan gedachten oer belangenbehertiging / kwaliteitsferbettering.

StUFT

Fan StUFT krije wy in útnoeging om tongersdei 24 septimber nei it adres fan Bouke Oldenhof te kommen, want bestjoer StUFT wol byprate mei harren "eigen" minsken, leden lêskommisje, oersetters, skriuwers en hat ek organisaasjes útnoege.

Gastsprekker is Bouke Oldenhof, hy fertelt oer syn wurk foar toaniel.

Fersekeringen

Yn 'e mande mei STAF hat op 25 novimber in petear mei de Rabobank plak fûn.

Oan de oarder kamen:

Fersekering IFAT en fersekering STAF. Hokker saken binne yn 'e iene poalis dutsen, hokker yn de oare. Hoe stiet it mei de iepenloftspullen? Mei de bestjoerlike oanspraaklikheid?

Rabobank hat in tal oanpassingen foarsteld.

Fan de oansletten organisaasjes
--

S T A F – Stifting Amateur Toaniel Fryslân

De Jongerein

Bekstik.nl

Dit seizoen is Bekstik.nl yn 'e loft gongen. In spesjale site foar jongerein dy 't it amateurtoaniel in waarm hert tadrage, www.bekstik.nl.

Op dit stuit wurdt der besjoen as bekstik.nl better wurkje kin, sadat mear jongerein dizze wei fine.

D'r binne 32 Jongereingroepen oansluten by STAF.

Jongerein Teaterdei 2015

De Jongerein Teaterdei waard wer hâlden yn Bakkefean yn Nij Allardseach op 21 novimber.

De dielnimmers koene yn aksje yn ferskate workshops ûnder lieding fan betûfte dosinten.

Jûns ha de dielnimmers presintaasjes fersoarge foar publiek.

It wie wer in slagge dei mei 45 dielnimmers.

Kommisje "feroaring slútjûn"

Mei de ynfier fan de nije opset fan De Kriich moat ek neitocht wurde oer it oars ynrjochtsjen fan de slútjûn. Yn de lêste moannen fan dit jier ha studinten fan de NHL in stageopdracht

krigen om hjir ris goed oer nei te tinken en mei nije ferfrissende en ferrassende ideeën te kommen. De slútjûn moat as in ‘beleving’ fiele. It moaie foar STAF is dat sy by dizze útwurking jonge en entûsjaste minsken ynset dy’t ‘kreatief’ tinke kinne.

Slútjûnen 2015

Kritetoaniel Bûtenpost hat spile op de Slútjûnen yn ‘e Lawei op 24 en 25 april 2015 mei it stik ‘Pleinfrees’.

In fantastyske beleaning fan in winterskoft hurd wurkjen troch de spilers Lourens de Zee, André de Zee, Remco de Poel, Jelmar Hoekstra, Iris Kloosterman en Frouke Holtrop. Dit allegearre ûnder lieding fan Lodewyk Riedhorst. Dit fansels mei de ûnmisbere help fan de mannen fan lûd en ljocht Ruurd Holtrop en Jan Dijkstra, de dekorbouwers Minze Stikma, Harry Nieuwenhuis en Geert Hoogsteen, grimeuse Annerieke Bouma, dekordraaier, en âld man Arthur, Dictus Benedictus en fansels de stimmen op de bysûndere fideobân ynsprutsen troch spilers fan de novimberploech Andries Hovinga, Iebe Bouma, Rommie Woudstra en Anneke Nieuwenhuis. De bân waard makke troch Douwe Boersma fan Omrop Fryslân.

“Pleinfrees” is skreaun troch de bekinde Ingelske toanielskriuwer Alan Ayckbourn en yn it Frysk oerset troch Baukje Stavinga. It is in stik mei seis rolfigueren, en in âld man op de eftergrûn, dy’t allegearre snakke nei kontakt mei in oar. Mar oeral ûntbrekt de oprjochte ynteresse. Se libje allegearre lâns elkoar hinne.

Yn 54 sênes, yn ferskate flats, in kantoar, in wenkeamer, in keuken, in kaffee en in hotelbar, sjogge jo in grut tal werkenbere situaasjes foarbykommen yn in wrâld fan iensumens, misbegryp en teloarstelling.

De slútjûnen wiene wer yn ‘e Lawei nei harren ferbouing. It jier hjirfoar koene we net nei de Lawei en ha we yn ‘e Harmonie west yn Ljouwert. De entoeraazje wie net sa as foarige jierren, dat wie spitich. De minsken bleaunen net sa lang neisitten as foarige jierren. Al mei al wol tige slagge jûnen.

STAF kommisje Iepenloft

Sûnt dit jier binne de measte iepenloftspullen yn Fryslân oansluten by STAF. It is earst noch efkes wat sykje fan beide kanten mei wat foar formule jo mekoar sa goed mooglik ta tsjinst wêze kinne. De kommisje Iepenloft hat in kear as wat praten oer KH2018. Kinne as moatte de iepenloftspullen yn dat jier mei harren allen wat dwaan en kin dat ek? Fragen dy’t we yn dit jier noch net foldwaande beäntwurdzje koene. De minsken fan Keunstwurk sitte ek boppe op dizze fraachstikken. Hokfoar kant it opgiet is noch ôfwachtsjen. Fêst stiet wol dat in grut tal iepenloftspullen harren útsprutsen ha om mekoar it kommend jier te moetsjen en de kâns gripe wolle om fan mekoar te learen. Dat is yn elts gefal winst.

Der binne 15 Iepenloftspullen oansletten.

De Kriichkommisje

De kriichkommisje hat 10x bij mekoar west.

Der binne 9 ûntheffingen jûn oan selskippen dy’t dit winterskoft net spylje. Dat is de lêste kear dat dit nedich is, yn de nije opset binne der gjin ûntheffingen mear nedich.

50 Selskippen ha meidien oan de kriich.

Op de slútjûn ha beide jûnen twa leden fan de kriichkommisje assistearre.

Mei alle karmasters (dêr binne 28 karmasters) ha der petearen west oer har befiningen fan it ôfrûne winterskoft. It evaluaasjeformulier is oanpast.

Der binne 9 evaluaasjeformulieren stjoerd. Alle belutsen karmasters binne ynljochte, de selskippen hawwe in bryfke krigen fan de skriuwer dat we bliid binne nei har evaluaasje en dat har evaluaasjes mei de karmasters bepraat binne.

Op 27 maart is der in opskerpcursus.

Demosthenes út Dronryp spilet in ienakter en ûnder lieding fan Bouke Oldenhof en Froukje fan Houten oefenje we mei de nije puntelist. Alle karmasters folje no 2 puntelisten yn, de âlde en de nije, as proef foar de nije.

Op 29 april is de karmastersslútjûn yn it WOK-paleis, it eardere E10.

Antonia Veldkamp kriget in blomke en in pear glêzen foar 200x karmasterjen.

De nije ponghâlder, Ben Flootman, past it fergoedingssystem fan de karmasters oan.

Op 25 septembar (jûn) en 10 oktober (hiele dei yn Earnewâld) wurdt der wer oefene en diskussearre mei de nije puntelist. Earst sjogge alle karmasters it iepenloftspul fan de Harkema op 18 septembar. Bouke en Froukje binne der wer by.

Der is efkes in protte wurk mei it ynfieren fan de nije puntelisten en it bekend meitsjen fan de nije opset by de selskippen.

Op 11 novimber is der in gearkomste fan bestjoer mei kriichkommisje. Dêr prate we oer de ymplemintaasje fan de nije opset, de nije struktuer fan STAF, it kommende jubileum fan de kriich en de organisaasje fan it toanieladfys.

Ein desimber wiene der noch mar sa'n 40 opjeften foar de kriich (dat binne gelokkich mear wurden yn 2016), op ien nei allegear mei neipetear.

Nije opset Kriich 2015-2016

Al yn 2008 is der in reedlik útwrydsk ûndersyk dien nei it weromrinnen fan it tal by STAF oansletten ferieningen dat meidocht oan de Kriich1. Dúdlike útkomst wie dat de Kriich in belangrike sosjale en ferbinende wearde hat foar it amateurtoaniel yn Fryslân. It is unyk yn Nederlân en út ferskillende hoeken wurdt der oantrune om de Kriich bestean te litten. Benammen it wedstriidlemint wurdt as hiel posityf sjoen. De ferieningen dy't oan it ûndersyk meidien ha wiene wol kritysk oer in tal saken. Oer dizze krityske noaten binne yn it ûndersyk oanrikkemandaasjes dien. Nei oanlieding fan de oanrikkemandaasjes yn dit ûndersyk is de Wurkgroep Oplieding Karmasters (WOK) oprjochte.

De wurkgroep hat in beliedsplan skreaun dêr't oanrikkemandaasjes foar de koarte en de langere termyn yn stean. Oanname en ynstek fan it nije belied wie dat it weromrinnen fan it tal dielnimmende ferieningen oan de Kriich in ho taroppen wurde koe troch it op koarte termyn ynsetten fan mear Karmasters en it kennisnivo fan de Karmasters te ferheegjen, en ek de kommunikative bekwamens. Yn jannewaris 2009 is de earste oplieding foar Karmasters yn syn nije opset fan start gien. Der is fanôf dat momint sterk ynset op it ferheegjen fan it kennisnivo en de kommunikative bekwamens fan de Karmasters. De "coachende" en advisearjende rol fan de Karmaster nei de feriening ta, wurdt belangriker makke as it tal punten dat jûn wurdt. Foarop stiet dat it neipetear foaral in learend effekt ha moat, omdat út de ûndersiken dúdlik wurden wie dat ferieningen sterk behoefte ha oan oplieding en begelieding. Foar de langere termyn wie der de oanrikkemandaasje om it punteformulier en

de wize fan “puntsjen” oan te passen en de Kriich ek tagonklik te meitsjen foar oarsoartich toaniel. Dit lêste punt is al yn 2012 ynfierd.

Yn 2012 is der troch STAF in “betelle” Kriichkoördinator beneamd fan út de motivaasje dat de Kriichkoördinator it fisitekaartsje fan de Kriich is, ien is dy’t ferbine kin, dy’t de kwaliteit yn de gaten hâldt en it oansprekpunt is foar de ferieningen. Ek soe hjirtroch de dielname oan de Kriich in nije ympuls krije moatte.

Op 17 maart 2012 is er ûnder lieding fan Bouke Oldenhof in ekspertmoeting organisearre yn Rottefalle3, dêr’t it bestjoer fan STAF, de leden fan de Kriichkommisje, minsken fan Frats, Karmasters en in tal leden fan oansletten ferieningen, neitocht ha oer de takomst fan de Kriich. Dizze sessy hat op 12 juny 2012 in ferfolch hân yn Aldskoat, yn in oerlis fan it STAFbestjoer en de Kriichkommisje. Hjernei is der in wurkgroep besteande út: Akke Miedema en Anneke de Vries fan de Kriichkommisje en Iebe Bouma en Japke de Vries fan it STAF-bestjoer oprjochte.

De wurkgroep is in tal kearen by elkoar west en hat in foarstel makke dat besprutsen is mei de Karmasters, binnen de Kriichkommisje en it STAF-bestjoer. Mei ferwurking fan alle op- en oanmerkingen dy’t út dizze petearen kommen binne, leit no it plan “Nije Opset Kriich”.

Dreame sûnder grinzen

It foar it grutste part fernijde STAF-bestjoer hie der ferlet fan har te besinnen op de rol fan STAF yn in feroarjende mienskip en in feroarjende amateurteateromjouwing.

Om in helder byld te krijen fan de ambysjes fan it amateurtoaniel yn Fryslân organisearre STAF op 31 oktober 2015 in ynspiraasjedei mei de titel “Dreame sûnder grinzen”. Troch de sintrale fraach “wat binne eins jimme dreamen?” wurde de dielnimmers troch ferskate workshops útdage om harren te ferdjipjen yn harren takomst mei de teaterkeunst en it útsprekken fan harren winsken datoangeande.

De dei wie foar eltsenien dy’t aktyf is yn de amateurtoanielwrâld lykas bestjoerders, regisseurs, skriuwers, akteurs, technisy en gean sa mar troch. De dei waard hâlden op de sfearfolle lokaasje Molen De Korenaar yn Seisbierrum. Der wiene hast 100 dielnimmers.

De dielnimmers wiene te sprekken oer de opset fan it program mei de ferskate ‘workshops’. In puntsje fan kritek wie dat der tefolle ‘workshops’ wiene en dat je se net allegearre folgje koene. De ynhâld fan ‘e ‘workshops’ waard as ferrassend en ynspirearjend erfaren. Ek de liederen fan dy dei waarden wurdearre as persoanen mei fernijende ideeën. In oantal dielnimmers miste wol konkrete praktyske hânfetten dy ’t daliks yn it deistlike toaniellibben brûkber binne.

Alle dielnimmers binne ynteressearre yn in mooglik ferfolch fan dizze earste ‘Dreame sûnder grinzen’. Ek de dosinten/workshopliders wiene entûsjast oer de opset fan dizze dei. Ek wie it systeem om de dielnimmers te ferdielen oer de workshops in goede saak. Hjirtroch wiene der by alle workshops hast likefolle minsken.

De lokaasje wie hielendal goed! It wie sfearfol. Wol wiene der wat akoestyke útdagingen as der twa as mear workshops yn ien romte wiene. Dit wie in ‘boppeslach’ fan STAF en is foar herhelling fetber!

Kontakten mei oare organisaasjes

IFAT

IFAT stiet foar It Frysk Amateur Toaniel en is it oerkoepeljende orgaan foar Frysktalich amateurtoaniel yn Nederlân mei lanlike subsydzje. IFAT hat ta doel it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs. IFAT stribbet har doel nei troch it stypjen fan toanielkrigen, karmasterskursussen, stúdzjebienkomsten, kursussen rezjy, ljocht en lûd en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal. Under de koepel fan it IFAT falle: Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse (taalbefoarding en foarlêsprojekten), Frysk Boun om Utens (Fryske Kritebûten Fryslân), STAF (Stichting Amateurtoaniel Fryslân). STAF is mei twa sitten fertjinswurdige yn IFAT. It wurkfjild fan IFAT is ferspraat oer Nederlân. It STAF bestjoer hat yn de rin fan dit jier in oerlis mei it deistich bestjoer han fan IFAT. Derby hat STAF oanjoun dat sy neitinke wol oer de relaasje IFAT – STAF. AS hjiryn feroaring komt sil takommend jier wol dudlik wurde. Wer as it STAF om te dwaan is is foaral dat ‘fris’ tinke wol oer structuren en belied. As feroaring better is dan moat dat net neilitten wurde, ek al is men al decennia lang wend west dat it goed gie. Elts fan de trije ferstjinwurdigende organisaasjes docht har best en hat dubbel en dwers besteansrjocht. Underling ferskille de trije nochal wat yn grutte foar wat oangiet it oansletten fan aktieve leden. Ek hjiryn....folgend jier mear.

Keunstwurk

Keunst jout kleur oan it libben. It bringt minsken bymeoar en biedt somtiden letterlik nije ynsjoch. Yn Fryslân soarget Keunstwurk derfoar dat de keunst foarút komt. Dat dogge se troch it dielen fan kennis, it lizzen fan ferbiningen en it trochfoeren en stimulearjen fan fernijing yn ûnder oaren it amateurtoaniel. In taak wêr se eltse dei fol oertsjoeging oan wurkje. Tegearre mei STAF!

Jubilarissen

Ek yn 2015 wiene der wer minsken dy't in STAF-spjelde krigen ha foar harren jierrenlange ynset foar it toaniel yn it doarp. De spjelde wurdt útrikt troch in besjoerslid fan STAF mei in oarkonde en in passend ferhaal. Elke kear docht wer bliken, dat dit tige wurdearre wurdt troch de jubilarissen en de selskippen. Terjochte dat de jubilarissen efkes yn it sinsje set wurde, omdat dizze minsken der mei foar soarge ha, en noch dogge, dat it toaniel libbet yn it doarp. Wichtich foar de Fryske taal en kultuer, foar ferdiveadaasje en net te ferjitten foar de sosjale binning yn it doarp.

FBoU - F R Y S K B O U N O M U T E N S

Toanielsaken fan It Frysk Boun om Utens

Algemiën

By dit ferslach giet it om in gearfetting fan de toanielsaken fan It Frysk Boun om Utens en dat betsjut dat it in úttreksel is fan it jierferslach 2015 fan It Boun sa as dat opnaam is yn It Ambyld mei de stikken foar de Algemiene Gearkomste dy't hâlden is op 9 april 2016 yn it Kultureel Sintrum 'De Huesmolen' te Hoarn. Foar oanfoljende ynformaasje wurdt dan ek nei dat jierferslach, dat fêststeld is troch de oanslúten kritebûten, ferwiist. (sjoch de hiemside fan It Boun www.fryskbutenfryslan.frl)

Troch de 16 kriteren dy't yn 2015 by It Boun oanslúten wiene mei yn totaal 1978 leden, binne der yn it ferslachjier 94 kritejûnen mei aktiviteiten organisearre. We moatte dan tinke oan toanieljûnen, kabaretfoarstellingen, tsjerketsjinsten, ekskurzjes, lêzingen, dûnsjûnen, nijjiersgearkomsten, stúdzjegearkomsten, ensfh.

Fan dy 94 gearkomsten binne der 24 toanieljûnen organisearre. Dizze jûnen waarden fersoarge troch toanielploegen fan It Boun of toanielploegen út Fryslân.

Bestjoer

Yn 2015 hat it bestjoer fan It Boun fjouwer kear by inoar west, nammentlik op 17 febr., 16 april, 27 aug. en op 10 desimber. Eltse kear is de stân fan saken op it mêd fan de toanielfoarstellingen by de kriteren ûnderwerp west fan besprek en waard er diskusjearre oer de fraach hoe it toaniel befoardere wurde kin. Oangeande it dielstoaniel yn Súd-Hollân/Utert kaam it probleem nei foaren dat de regisseur Rennie Visser-Bijlsma slim siik waard. Yn 'e rin fan it jier die bliken dat se har funksje net mear útoefenje koe. Dit wie in grutte tebeksetter. Lokkich bliek yn desimber 2015 dat mefrou Antje Hooijenga út Alphen oan de Rijn beskikber wie om tydlik yn te fallen. Mear yn it algemien kin konstataarre wurde dat it stypjen fan it toanielspyljen en it foarmjen fan kader rom omtinken krige fan it bestjoer. De skriuwer Kees van der Beek hat him tige tsjinstber makke troch regelmjittich de nammen fan geskikte stikken troch de jaan oan de kritebestjoeren. Ek fan de service fan Tresoar en it Stuif is tankber gebrûk makke.

Yn it bestjoer fan It Boun hat Pietie Westdijk-Kaastra út Houten toanielsaken yn har portefúlje. Se is ek toanielliedster fan it dielstoaniel Súd-Hollân/Utert. Fanút it bestjoer is se bestjoerslid fan IFAT, yn 'e mande mei de foarsitter fan It Boun Hâns Dijk.

Toanieldei/kaderwykein

Op 3 oktober 2015 is de twa-jierlikse toanieldei organisearre yn in lokaliteit fan de Driestweitsjerke yn Nunspeet. De dosint wie Bouke Oldenhof en dat betsjutte in boppeslach. Om tsien oere wie de ploech fan 20 dielnimmers fan kriteren út it hiele lân kompleet en koe de ynstruksjedei begjinne. Alderearst fertelde Bouke Oldenhof wat oer himsels. Hy is al mear as tweintich jier aktyf as toanielskriuwer yn it Frysk en it Nederlânsk foar û.o. Tryater. Al earder feskynde der in bondel fan syn hân. De bondel 'Fan letter soarch' dy't útkaam is yn 2014 waard troch Bouke oan alle dielnimmers útrikt en hy bespreek in trijetal teksten dy't wy dy dei spylje soene.

Bouke joech oan dat der in grut ferskil is tusken it amateurtoaniel en it beropstoaniel. By it amateurtoaniel wurde de spilers net betelle en se sjogge foaral nei de regisseur om te hearen hoe en wat se dwaan moatte. By it beropstoaniel leit it hiel oars. De spilers wurde wol betelle en der wurdt dan ek fan harren ferwachte dat se sels harren rol ynhâld jouwe.

In wichtich punt is dat in toanielspiler in bepaald personaazje spylje moat en net in karikatuer fan de persoan dy't hy spylje moat. Yn de praktyk makket dit in grut ferskil. Dêrby giet it foaral om de fraach: 'Wat is it doel fan wat spile wurdt'. Stees wer moat dy fraach troch de spiler oan jinsels steld wurde. By de tsjinspiler is der trochgeans altyd sprake fan wjerstân. Op ferskate wizen kin hjir op reagearre wurde, bygelyks troch te drigen en te skellen mar ek troch te ferlieden. It giet der by it toanielspyljen dus om om in kar te meitsjen foar in bepaalde strategy.

Nei dizze ynlieding bespreek Bouke de trije teksten dy't spile wurde moasten. De earste tekst hie te meitsje mei in petear tusken in frou dy't in beroerte krige hie en har dochter. De frou prate der yn om en de dochter makke hat grutte soargen en skille 112.

De twadde tekt hie te meitsjen mei in man dy't syn frou ferlern hie en no oan it ein fan syn libben yn in oanpaste wenning opnaam waard.

De tredde tekst wie in petear tusken de koster fan in tsjerke en in nije dûmny dy't kaam foar in

proefpreek. De dûmny bliek in frou te wêzen en dat hie foar it spyljen hiel wat konsekwinsjes. By alle trije teksten wie der sprake fan spesifike personaazjes wêr't de spiler hiel wat yn kwyt koe. Boppedat gie it by alle trije teksten om foarfallen út it gewoane libben sa as dy eltse dei barre kinne.

Nei it tawizen fan de rollen giene de kursisten yn twatalen oan it oefenjen yn de ferskillende sealen fan it kompleks wêr't we by elkoar wiene. Dêrnei waarden de stikken om de beurd opfierd en koe der troch eltsenien kommentaar jûn wurde. Fan dosint Bouke Oldenhof waard hiel wat opstutsen.

Oan it ein fan de middei wie der in gearkomste fan de bestjoersleden fan It Boun en de kriteren en fan harre oanwêzigens is tankber gebrûk makke. Alle trije stikken koene no mei publyk spile wurde en de konklúzje wie dat der dizze middei in protte leard wie.

Bouke Oldenhof waardt tige tank sein en it wie by alle oanwêzigen dúdlik dat hy net samar earder yn it jier de 'Pyt van der Zee-priis' fan de provinsje Fryslân won hie.

Alle spilers mochten de bondel 'Fan letter soarch' dy't skreaun is troch Bouke Oldenhof, hâlde en dêr wiene se allegearre tige wiis mei. Al mei al wie it in tige learsomme dei foar de toanielspilars fan ferskillende kriteren fan 'It Frysk Boun om Utens'.

Toanielpromoasje, toanielploegen / dielstoaniel en kriich

Troch de sykte fan regisseur hat yn it ferslachjier it dielstoaniel Súd-Hollân/Utert in tebekslach hân. Der moast hastich in nije regisseur oanlutsen wurde en lokkich is de ploech oan it ein fan it ferslachjier dêr yn slagge. Ek is der in nij stik fûn dat mei de beskikbere spilers op 'e planken set wurde kin.

Troch it organisearjen fan de toanieldagen en kaderwykeinen probearret it bestjoer fan It Boun it organisearjen fan toanielûtfieringen troch de oanslúten kriteren sa folle mooglik te befoarderjen, foaral ek omdat it bliken dien hat dat toanielûtfieringen de measte minsken nei de kritejûnen lûkt. Fanút it Boun stjoert skriuwer Kees van der Beek safolle mooglik titels en nammen fan skriuwers fan nije stikken dy't útkomme troch nei de kritebestjoeren. Op dizze wize kriget de promoasje fan it toaniel binnen de kriteren fan it Boun hannen en fuotten.

It bestjoer fan it Boun hat de toanielploech fan de krite Assen oanmoedige om mei de dwaan oan de toanielkriich yn Fryslân. Mei eare kin neamd wurde de namme fan regisseur Tea Haanstra fan de toanielploech út Assen, dy't it stik 'Der sit in luchje oan' sels skreaun hat.

Gearfetting fan de toanielkosten oer 2015

Promoasje en befoardering fan it toaniel is foar it Boun net ienfâldich omdat de ôfstânnen tusken de spilers faaks grut is. Sa komme de spilers fan it dielstoaniel Súd-Hollân/Utert bygelyks út de wenplakken Gouda, Boadegraven, Woerden, Maarssen, Utert en Houten. De nije regisseur komt út Alphen oan de Rijn. Dit makket it allegearre nochal omslachtich en bringt ekstra kosten mei. Dochs docht it bestjoer fan It Boun der alles oan om safolle mooglik te stypjen. It hat bliken dien dat der minsken binne dy't harren mei hert en siel ynsette foar dizze kulturele aktiviteit, nammentlik it Frysk toaniel yn de provinsjes bûten Fryslân.

SELSKIP - SELSKIP FOAR FRYSK T AEL EN SKRIFTEKENNISSE

Op de Algemiene Gearkomstefan fan 14 april 2015 yn restaurant 'De Trochreed' te Readtsjerk wiene de hjirnei folgjende besprekpunten:

- Jierferslach / Jierrekken ôfrûne jier
Antwurd op de fraach hokker doelen it Selskip neistribbet: de foarsitter jout in stikje skiednis fan it Selskip en elts fynt dat we mear gebrûk meitsje moatte fan de Fryske taal.
- Begrutting kommend jier
- It Ferslach fan de Fryske Foarlêswike 2014 en de fuortgang wurdt taljochte troch mefrou Alie Douma. Foarop stiet: it stimulearjen fan it lêzen en foarlêzen, dus hoe mear lêze en foarlêze, hoe leaver. De 12de Fryske Foarlêswike wie wer in sukses. Der is omtinken foar in protte publisiteit.
- Dit jier gean we foar it earst nei Skiermûnseach. Tomke is oerset yn it Skiermûnseachs en dêrmei wurdt it doel meartaligens, wichtich foar de Provinsje, berikt.
- Dit jier is de Foarlêswike fan 1 oant en mei 5 juny en it tema is “Hoi Tomke”.
- Yn in grut tal gemeenten is it slagge in saneamde **lûker** (boargemaster, keunstner, sjonger, toanielspiler, wethâlder en sa mear) te freegjen om ek mei foar te lêzen. Hjirtroch krige it Foarlêsprjekt ekstra oandacht yn de gemeentlike / regionale en provinsjale parse: kranten en Omrop Fryslân. De seal is ûnder de yndruk fan it Foarlê sbarren.
- Deputearre Sietske Poepjes is troch de Foarlêskommisje oansocht om de Foarlêswike te iepenjen yn Noardwâld (Noordwoolde) om foar te lêzen yn it Stellingwarfs
- Mefrou C. Van der Sluis – Ytsma wurdt ûnder hansjeklap beneamd as lid fan it Selskip.
- Goed foarbyld docht folgjen:
Mefrou G. Beenen fan it Hearrenfean wol aspirant bestjoerslid wurde. Krite Hearrenfean is no ek wer fertsjintwurdige yn it Selskip.
- De hear Yde Jonker, âld skriuwer fan de krite Ljouwert, hat him opsmitten ta koördinator fan de Anjeraksje fan it Prins Bernhard Cultuurfonds
Mei noch in pear kollektanten sil besocht wurde om de kas fan it Selskip te spekken
- Yn jannewaris is der in bedankbrief nei gemeente Ljouwert ta gien, want it byld fan Eeltsje Halbertsma te Grou is opkreezje.
Dat byld hat it Selskip der yn 1903 delsette litten en de soarch is oerdroegen oan de gemeente Boarnsterhim.
- Yn maart is it grêf fan Gerben Colmjon op de âlde begraafplaats opkreeze oan de Spanjaardleane te Ljouwert troch tadwaan fan de hear Leo van der Laan, monumintesoarger fan de gemeente Ljouwert.

De wichtichste aktiviteit fan it Selskip is it Foarlêzen oan pjutten:

It provinsjaal projekt foarlêzen yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders.

De Foarlêskommisje fan it Selskip organisearret elts jier yn de earste folle wike fan juny:

DE FRYSKE FOARLESWIKE

Skiednis yn jiertallen

2002 is it Selskip útein set mei nije aktiviteiten. Ien dêrfan is it foarlêzen oan pjutten.

It Selskip hat dêrta in kommisje ynsteld: De Kommisje Foarlêzen Selskip.

2003 is de foarlêsdei Provinsjaal organisearre. It is bjusterbaarlik oanslein!

2004 is it projekt útgroeid ta in Foarlêswike. As de sitewaasje der sa hinneleit en sjoen de reaksjes fan entûsjaste bern en folwoeksenen moatte we trochgean.

2005 hawwe in tal bernedeiferbliuwen ek oansluting fûn by it projekt, sadat it tal foarlêsplakken in fikse útwreiding ûndergien hat.

2006 hat it Foarlêspanjekt fan it Selskip him jitris útwreide.

2007 fiere we in lustrumjier. De Kommisje Foarlêzen Selskip organisearret it Foarlêspanjekt no foar it fyfde jier en it docht noch hielyd fertuten.

2008 is it projekt útwreide mei de Stellingwerven. Yn East – en Weststellingwerf wurdt foarlêzen yn it Stellingwerfs. En it is slagge twa kontaktpersoanen te finen.

2009 is der wer útwreiding fan pjutten, foarlêzers, pjutteboartersplakken, berne- deiferbliuwen en kontaktpersoanen.

2010 komt yn de gemeente Ljouwert it foarlêzen oan pjutten fan de grûn.

2011 is it slagge om yn Ljouwert foar te foarlêzen op rom 40 lokaasjes en troch 36 gastâlders.

2012 hat de Fryske Foarlêswike jitris foar útwreiding soarge.

2013 is der noch mear flecht op ‘e koai. Troch sa’n 500 foarlêzers en sa’n 60 gastâlders wurdt foarlêzen oan rom 12.400 pjutten.

In hoedend begjin mei gastâlders: in 60 gastâlders lêze foar oan in 400 pjutten.

2014 It tal gastâlders nimt ta: ek 256 gastâlders ha foarlêzen oan oan in lytse 800 pjutten. Fansels wurdt ek wer foarlêzen yn it Stellingwerfs en dit jier ek yn it Bildts.

2015 It is slagge! It Foarlêspanjekt giet oer it wetter, foar it earst is foarlêzen op in eilân: op Skiermûntseach yn it Eilanders!

Wat in talen, wat in rykdom, d’r is foarlêzen yn it Frysk, Stellingwarfs, Skiermûntseagersk, Kloasters, it Bildts en it Hylpers.

En it tal gastâlders is al wer fiks útwreide fan 256 nei 549 gastâlders.

Yn 2015 is foarlêzen oan in 12500 pjutten, ynklusief in 450 ukken yn de Stellingwerven, troch 520 foarlêzers en 549 gastâlders. Yn 2015 ha 51 kontaktpersoanen aktyf west.

Om’t de Kommisje Foarlêzen Selskip wurket mei in gemeentlike / wurkgebiet oanpak en útwurking, kinne kontaktpersoanen nei eigen frijheid hannelje en yndiele, derta ha hja mei de Foarlêswike mear romte en earmslach.

Foarop stiet: it stimulearjen fan it lêzen en foarlêzen, dus hoe mear lêze en foarlêze, hoe leaver. En ‘hoe mear, hoe leaver’, is der lêzen en foarlêzen yn de “ Fryske Foarlêswike “.

It folsleine Ferslach Fryske Foarlêswike 2015 kinne jo opfreegje by de skriuwer fan it Selskip.

It ôfsluten

IFAT koe yn 2015 wer folop oan 'e slach mei har doelstelling: "It fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer".

Dêrom wol it bestjoer IFAT graach eltsenien tanksizze dy't it mei har mooglik makke hat dat wurk te realisearjen.

Mildaam / Ljouwert juny 2016

Ut namme fan it Stiftingsbestjoer,

G. J. Frieswijk, foarsitter

K. Kuipers, skriuwer

IFAT: De takomst fan it Frysk binne wy sels!



MIENSKIPLIKE TOANIELBOEKERIJ IFAT / STAF - Doelgroep BFT / Selskippen

Sûnt 1985 ha Ifat en Staf in mienskiplike **toanielboekerij** fan âlde toanielboekjes, sawol jûnfoljend as ienakters. Toanielselskippen en Kriten dy't oansluten binne by boppesteande organisaasjes kinne gebrûk meitsje fan de dizze boekerij.

Tiidrek

De stikken binne fan foar sirka 1990.

Ynhâld boekerij

De boekerij omfettet sa'n 700 jûnfoljende stikken en manuskripten en in 400 tal ienakters.
Jo kinne stikken neifreegje op titel of op skriuwer.

Sjenre

De boekerij is ûnderferdielt yn 5 sjenres:

1. Earnstich
Toanielstik, oarspronklik toanielstik, drama, ernstich stik
2. Fleurich
Blijspul, komeedzje, oarspronklik fleurich stik, satirysk - satire
3. Klucht
Kluchtich spul, klucht
4. Skriller
Misdiedstik, detektive, in komyske / fleurige / ysliek fleurige – skriller
5. Ferskaat
Revu, iepenloft, stik mei sang, histoarysk ferhaal

Ek binne d'r manuskripten fan Pyt de Vries en toanielstikken fan Tesselschade Hurdegaryp.

Oanfolling boekerij

De boekerij wurdt net mear oanfolle mei nije stikken, dêrfoar ferwize wy jo nei de StUFT. Alde toanielboekjes bliuwe wolkom, it soe skande wêze as dy by it âld papier bedarje.

Foar fierdere ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei behearder boekerij

Mefrou T. Pool – Bruinsma Ds. Carsjenssingel 27 9216 VV Aldegea (Sm.)

Tillefoan 0512 77 52 93 E-post tinekepool@upcmail.nl

Foar ynformaasje oer resinte stikken, skilje mei Gerda van der Wijk 058 234 30 80

e-mail: g.vdwijk@afuk.nl . Woansdei, tongersdei en freed fan 09.30 – 13.00 oere.

Of sykje yn de katalogus, sjoch op de webside fan StUFT: www.stuft.nl

I.F.A.T.
It Frysk Amateur Toaniel



Oprjochte 24 july 1953 troch
BFT - FBOU - IT SELSKIP

JIERREKKEN I F A T

2015

Jierrekken 2015 Stichting IFAT

Balâns

1-1-2015 31-12-2015

Aktiva

Bankrekken	€ 7.203,17	€ 10.011,92
Rinte	€ 87,79	€ 51,78
Nog te ontvangen bedragen	€ 822,43	€ -
Subs. Bestjoersôfspraak Frysk	€ -9.580,00	€ -9.775,00
Tekoart 2014/2015	€ 9.620,97	€ 9.790,65
	<u>€ 8.154,36</u>	<u>€ 10.079,35</u>

Passiva

Rinnende Rekken organisaasjes	€ 7.347,34	€ 6.807,00
Vooruit ontvangen bedragen		€ 3.005,00
Nog te betalen bedragen	€ 807,02	€ 267,35
	<u>€ 8.154,36</u>	<u>€ 10.079,35</u>

Taljochting: Rinnende Rekken dielnimmende organisaasjes

	STAF	FBoU	Selskip	Totaal
Saldo op 1-1-2015	€ 3.584,00	€ 1.873,98	€ 1.889,36	€ 7.347,34
Ofrekken 2014	€ -2.517,08	€ -1.715,00	€ -1.490,15	€ -5.722,23
	€ 1.066,92	€ 158,98	€ 399,21	€ 1.625,11
Oanfolling Neg. Kaptaal 2014	€ -19,92	€ -11,20	€ -9,85	€ -40,97
	€ 1.047,00	€ 147,78	€ 389,36	€ 1.584,14
Ofrekken 2013	€ -1.047,00	€ -147,78	€ -389,36	€ -1.584,14
	€ -	€ -	€ -	€ -
Tekoart 2015	€ 3.114,00	€ 1.916,00	€ 1.777,00	€ 6.807,00
	€ 3.114,00	€ 1.916,00	€ 1.777,00	€ 6.807,00

Taljochting: Jildmiddels

It negative saldo op 1-1-2015		€	160,81	
Fuortwurkjen fan negatyf kaptaal door organisaasjes		€	-160,81	
			<hr/>	
		€	0,00	
It berekende tekoart oer 2015	€	9.790,65		
Maks. Subsydzje 2015	€	<u>9.775,00</u>		
		€	15,65	
			<hr/>	
		€	<u>15,65</u>	

Jierrekken 2015 Stichting IFAT

		Kosten	Ynkomsten	Subs. Prov.	Koepel Subs. Keunstwurk
<u>Ofrekken 2015</u>					
Bibleteek	1	€ 318,00		€ 318,00	
Doelgroep BFT Selskip		€ 37.155,55	€ 7.525,00	€ 4.002,55	€ 25.628,00
	2 Toanielkriich				
	4 Jongereintoaniel				
FBoU		€ 2.804,55	€ -	€ 2.804,55	
1	2 Toanielkriich				
	3 Toanielwykeinen				
Selskip 1844		€ 13.165,55		€ 2.665,55	
	6 Foarlêsprjekt				
Subsydzje Gemeente Ljouwert			€ 3.000,00		
Subsydzje Provinsje			€ 7.500,00		
		<hr/>			
		€ 53.443,65	€ 18.025,00	€ 9.790,65	€ 25.628,00

Rekken fan Baten en Lêsten oer 2014

<u>Baten algemien</u>		IFAT	STAF	FBoU	Selskip
Rinte bankrekken		€ -51,78			
 <u>Miene lêsten</u>					
Gearkomste, reis- en burokosten		€ 2.450,08			
Underskate saken		€ 267,35			
		€ 2.717,43			
 <u>Projekten / Aktiviteiten</u>					
1. Bibleteek IFAT	lêsten	€ 318,00			
	baten	€ -			
		€ 318,00			
2. Toanielkriich	lêsten		€ 28.241,00		
d.g. BFT	baten		€ 7.525,00		
			€ 20.716,00		
FBoU	lêsten			€ 677,00	
	baten			€ -	
				€ 677,00	
3. Toanielwykein	lêsten			€ 1.239,00	
	baten			€ -	
				€ 1.239,00	
4. Jongereintoaniel	lêsten		€ 8.026,00		
	baten		€ -		
			€ 8.026,00		
6. Foarlêsprjekt	lêsten				€ 12.277,00
	baten				€ 10.500,00
					€ 1.777,00
	Totaal	€ 2.983,65	€ 28.742,00	€ 1.916,00	€ 1.777,00
Prov. Subs. d.g. BFT			€ 25.628,00		
Tekoarten		€ 2.983,65	€ 3.114,00	€ 1.916,00	€ 1.777,00
It tekoart meielkoar		€ 9.790,65			
Te ferpatsjen stipe bedrach		€ 9.775,00			
Minus		€ 2.983,65			
		€ 6.791,35			